

Taljochting

Algemien

Ut de wiziging fan de Wet gemeenschappelijke regelingen (fierder: Wgr) mei yngong fan 1 jannewaris 2015 folgje foar alle gearwurkingsferbannen op basis fan de Wgr ferplichte wizigings. De mienskiplike regeling Tresoar wurdt dêrop oanpast. De wizigings dy't folgje út de oanpaste Wgr binne benammen technysk fan aard. It giet ûnder oare om de terminen dy't jilde foar de proseduere foar sjenswizen by begrutting en jierrekken, it ferplicht stellen fan in ramtnota en konsept jierrekken dy't oan de dielnimmers stjoerd wurde en it eksplisyt mooglik meitsjen fan it oprjochtsjen fan in privaatrjochtlik rjochtspersoan troch it Regionaal Historisch Centrum (hjernei: RHC) nei de sjenswizeproseduere by de dielnimmers en oanpassings oangeande it bekend meitsjen.

As lêste is der in technyske oanpassing dy't wis wol grûnstofliker gefolgen hat. Dat giet om de oanpaste bepalings oangeande de fraach hokker bestjoersorganen dielnimme en yn relaasje dêrmei de bestjoersgearstalling. It is in regeling dêr't de kâsten 96 en 97 fan de Wgr op fan tapassing binne, fanwegen it dielnimmen fan it Ryk, de provinsje en de stichting. Op grûn fan kâst 98 Wgr is haadstik II fan de Wgr fan soartgelikense tapassing no't in provinsjebestjoer de mienskiplike regeling (mei) oangiet.

Dizze mienskiplike regeling wie in saneamde mingde regeling, omdat fan de kant fan it provinsjebestjoer provinsjale steaten en deputearre steaten beide dielnamen. Op grûn fan kâst 40 lid 1 Wgr kinne provinsjale steaten, deputearre steaten en de kommissarissen fan de Kening in mienskiplike regeling oangean elk foar safier't sy foar de eigen provinsje it foech hawwe. Hokker orgaan it foech hat om diel te nimmen is ôfhinklik fan de oer te dragen foegen. Allinne dielnimmende bestjoersorganen meie ommers harren foegen oerdrage (kâst 30, earste lid Wgr). By dizze regeling drage de minister, deputearre steaten en de stichting útfierende taken en foegen op (kâst 2b GR). Dat betsjut dat mei it each op de systematyk fan de Wgr provinsjale steaten yn de mienskiplike regeling gjin dielnimmer hearre te wêzen. Dat is oanpast. Provinsjale steaten binne opstapt en dêrmei is it in kolleezjeregeling wurden. De stjoeringsrelaasjes, lykas bedoeld yn de âlde regeling, bliuwe bestean.

As lêste binne bepalings oangeande de bestjoersgearstalling oanpast. It bestjoer fan Tresoar bestiet út it algemien bestjoer, it deistich bestjoer en de foarsitter, neffens kâst 12, earste lid Wgr. Yn de eardere mienskiplike regeling siet in technyske omisje foar wat de beneaming fan de foarsitter oanbelange. De foarsitter is in bestjoersorgaan en moat troch en út it algemien bestjoer oanwiisd wurde (kâst 13, njoggende lid Wgr). Fierders is de foarsitter tagelyk foarsitter en lid fan it deistich bestjoer (kâst 12, tredde lid en kâst 14, earste lid Wgr). Dat is ferdútst. It algemien bestjoer bestiet yn foargeande likegoed as hjoeddeistige fersy út sân leden (kâst 4, earste lid GR). No't de mienskiplike regeling nei in kolleezjeregeling omset is, moatte deputearre steaten de leden fan it algemien bestjoer út harren midden oanwize (kâst 13, seisde lid Wgr). Der is dan dus gjin plak mear foar leden fan de provinsjale steaten. Dat betsjut dat trije leden fan deputearre steaten oanwiisd wurde yn it algemien bestjoer. Foar it deistich bestjoer betsjut dat dat sy mei it each op de omfang fan it algemien bestjoer fan sân bestean sil út trije leden dy't troch it algemien bestjoer út syn midden oanwiisd wurde.

Kâst foar kâst

Oanhef

As gefolch fan de wiziging binne it, mei it each op kâst 40, earste lid fan de Wgr, deputearre steaten dy't taken oan it bestjoer fan de mienskiplike regeling opdroegen hawwe en net mear de provinsjale steaten.

Kâst 1

Yn kâst 1 waard ûnder e. kolleksjes, de formulearring yn 'eigendom of behear' brûkt. Dat is korrizjearre, de kolleksjes binne eigendom fan de dielnimmers. Der binne gjin kolleksjes dy't ien fan de dielnimmers allinne yn behear hawwe soe.

Artikel 2

It âlde kêst 2 is splitst yn in kêst oer it belang (kêst 2), oer de rjochtsfoarm (kêst 2a) en oer de taken en foegen (kêst 2b).

It behertigjen fan de belangen bedoeld yn kêst 2 hat mei ta doel it yn de kolleksjes en argiven ûnderbrochte kultureel erfgoed op aktive wize tagonklik te meitsjen en te hâlden foar en yn omtinken te bringen fan in breed publyk. As lêste wurdt it literêre klimaat yn Fryslân en yn it bysûnder de Fryske literatuer, yn de meast romme sin befoardere.

Kêst 3

It foech neamd yn kêst 19 fan de Archiefwet 1995 is oan it algemien bestjoer oerdroegen. Fangefolgen stelt it algemien bestjoer de regels fêst. Om te soargjen foar uniformiteit wurde binnen alle RHC's dy't ryksargyfbewarplak binne, de regels dy't de minister foar de argyfbeskieden fan it ryk fêststelt, folge.

Kêst 3a

Dit kêst is tafoege om it mooglik te meitsjen dat it bestjoer regels fêststelle kin oer it brûken fan de Fryske taal troch Tresoar.

Kêst 4

Omdat de regeling no in kolleezjeregeling is, binne it net langer provinsjale steaten, mar deputearre steaten dy't de leden fan de provinsje oanwize (kêst 41, earste lid, en dêrmei ferbûn 13, seisde lid Wgr). De regeling is dêrop oanpast.

It âlde fjirtjinde lid strykt net mei kêst 22, earste lid Wgr en dêrmei ferbûn de Provinciewet. As der net genôch leden oanwêzich binne, is der gjin kwoarum en kin der dus net besletten wurde. It fjirtjinde lid is dêrom ferfallen.

Nei kêst 4 is in kêst 4a ynfoege dat de gearkomste fan it algemien bestjoer regelet.

Kêst 5

Dúdlik wurdt makke hoefolle stimmen elk lid hat. Foar de folsleinens is ek it rezjym oer belangeferfrisseling opnommen sa't dat op grûn fan kêst 22, earste lid Wgr en dêrmei ferbûn kêst 28 Provinciewet jildt, krekt as hoe't beslútfoarming ta stân komt (kêst 22, earste lid Wgr).

Kêst 6

Kêst 31a Wgr skriuwt foar dat it iepenbier lichem beslute kin ta it oprjochtsjen fan of dielnimmen yn privaatrjochtljke rjochtspersoanen as de mienskiplike regeling yn dy mooglikheid foarsjocht. Oant 1 jannewaris 2015 wie dat altyd mooglik, of it moast wêze dat de mienskiplike regeling it beheinde (kêst 31 Wgr). Yn kêst 6, fjirde lid GR wie altyd oanjûn dat der gjin beheining binne. Om dêryn gjin feroaring te bringen, wurdt de mooglikheid om rjochtspersoanen op te rjochtsjen eksplisyt opnommen (lid 4 nij).

Kêst 7

Dit kêst is oanpast yn ferbân mei definysjebepalings.

Kêst 8 en 9

Dizze hjoeddeistige kêsten befetsje de bepaling fan de âlde kêsten 12, 13, 14 en 15 en binne oanpast yn ferbân mei de definysjebepalings en it omsetten nei in kolleezjeregeling.

Kêst 10

Eksplisyt is makke út hoefolle leden it deistich bestjoer bestiet. Foar de folsleinens binne bepaling opnommen oer de beslútfoarming yn it deistich bestjoer, sa't dy út de Provinciewet folgje.

Kêst 13

Dit kêst is oanpast oan kêst 33b Wgr.

Kêst 14

Dit kêst regelet de beneaming en de taken fan de foarsitter (fan it iepenbier lichem). It âlde kêst 10, twadde lid, is ferfallen no't it deistich bestjoer sels in útfierend orgaan is, dat syn eigen besluten útfiere lit. Dat is gjin foech fan de foarsitter.

Kêst 16

Dit kêst is oanpast yn ferbân mei it omsetten nei kolleezjeregeling. It âlde kêst 23, sânde lid, is ferfallen omdat de fêststelling fan bydragen in foech fan it algemien bestjoer is, net fan de minister en it kolleezje.

Kêst 17

Dit kêst is oanpast yn ferbân mei it omsetten nei kolleezjeregeling.

Kêst 18 en 18a

Foar de lêsbereens is kêst 18 opsplitst, wêrby't de systematyk fan de kêsten 34 en 35 Wgr folge is.

Kêst 18 is oanpast oan de nije finansjele bepalings yn kêst 34, 34b en 35 Wgr. Sa is der in ramtnota (de algemiene finansjele en beliedsmjittige ramten) yntrodusearre (lid 1) en is de termyn foar sjenswizen nei acht wike oprutsen (lid 2). Yn it âlde kêst 20, achtste lid, wurdt foarskreaun dat de begrutting foar goedkarren oan de provinsjale steaten en minister oanbean wurdt. Dat is yn striid mei kêst 10:26 Awb. It algemien bestjoer stelt de begrutting fêst. Goedkarren is yn striid mei it systeem fan Wgr. Fierder moat de begrutting oanbean wurde oan de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasje as finansjeel tafersjochhâlder (kêst 34, twadde lid Wgr).

Kêst 19

It twadde lid fan dit kêst wie te ûnbegrinzge troch 'safolle mooglik'. Der moat eksplisyt fêstlein wurde wannear't de kêsten 18 en 18a wol en wannear net fan soortgelikense tapassing binne. Dat is no oanpast.

Kêst 21

Dit kêst is oanpast oan de nije finansjele bepalings yn kêst 34, 34b en 35 Wgr. Sa is in foarriedige jierrekken yntrodusearre (lid 1).

Kêst 22

It twadde lid skriuwt foar dat it persintaazje reservearring op syn meast 10% is. Allinne foar it wizigjen fan taken en foegen is feroaring bûten de offisjele wizigingsproseduere mooglik (sjoch kêst 10, twadde lid Wgr). It feroarjen fan it persintaazje kin dus net oan de minister en provinsje oerlitten wurde, lykas yn de âlde regeling it gefal wie. Sadwaande is dy sin derút helle.

Kêst 23

De fêststelling fan de definitive bydragen is in foech fan it algemien bestjoer. Dy bydrage wurdt yn de begrutting fêststeld. Neffens kêst 34, earste lid, fan de Wgr is dat in foech fan it algemien bestjoer. De yn de begrutting opnommen bedraggen foarmje in ferplichte útjefte foar de dielnimmers.

Kêst 24

Yn it âlde kêst 25, earste lid stiet dat goedkarring fan de minister en deputearre steaten in eask is. Dat is yn striid mei kêst 10:26 Awb. It algemien bestjoer stelt de regels fêst.

Kêst 27

Dit kêst is oanpast om dúdlik te meitsjen wa't easkje kin om de stikken yn te sjen.

Kêst 28

Dit kêst is oanpast oan it feit dat dit in kolleezjeregeling is. Yn de âlde regeling waard dizze ferplichting ek oan provinsjale steaten oplein. Dat is korrizjearre.

Kêst 29

De beneaming, it tydlik út it amt setten en it ûntslach fan de direkteur is in foech fan it deistich bestjoer (kêst 33b, earste lid ûnder d Wgr).

Kêst 30

No't beneaming fan de direkteur troch it deistich bestjoer dien wurde moat leit it yn 'e reden ek de ferfanging en ynstruksje troch it deistich bestjoer regelje te litten.

Kêst 31

De ferwizing yn it twadde lid is oanpast.

Kêst 32

De twadde folsin oer mandaat kin ferfalle, no't dat foech eks kêst 10:3, earste lid Awb altyd bestiet.

Kêst 33

De bepaling is ferdútst oangeande hokker regeling fan tapassing is, en dat it in foech fan it deistich bestjoer is om de regels fêst te stellen.

Kêst 34 tot en met 37

Dizze kêsten binne oanpast yn ferbân mei it omsetten nei kolleezjeregeling.

Kêst 38

Dit kêst is oanpast oan it nije kêst 42 Wgr.

Kêst 39

De namme fan it iepenbier lichem wie Letterhoeke. Dy namme is nea brûkt. It iepenbier lichem stiet bekend ûnder de namme Tresoar, dy't no ek yn dizze regeling fêstlein wurdt.

De minister fan Basis- en Fuortset Underwiis en Media,

A. Slob

Deputearre steaten fan Fryslân,

De foarsitter

de sekretaris

Drs. A.A.M. Brok

R.E. Bouius-Riemersma MBA MCM

Bestjoer fan de Stichting Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum;

De foarsitter

de sekretaris

W. Verf

P. de Groot

Deputearre steaten fan de provinsje Fryslân,

De foarsitter

De sekretaris

.....

.....

De Stichting Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum,

De foarsitter

De sekretaris

.....

.....